

DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



† Reekthuis te Oudega in Smalingerlant. 1725

Jachtwerf Eernewoude

Princehof 3
Tel. 05117-9300 b.g.g. 9251

Fa. Westerdijk en Zn.

Gem. Jachthaven

Faansterdyk 2
Tel. 9360



Tevens voor de doe-het-zelver
is er gelegenheid voor het
onderhoud van uw boot

Voor al uw onderhoud en reparatie
Botenlift met hijsvermogen tot 20 ton

Voor al uw levensmiddelen

Aardappelen - groenten - fruit

bloemen en planten naar:

Gerrit en Goke Adema

Buorren 17 - OUDEGA - telefoon 05127-1371



VERRUKKELIJK VERS EN PLEZIERIG GOEDKOOP

DE DOARPSOMROPPER

Moanneblêd foar Aldegea en omkriten

Samlers:

R. Jansma - Udema

B. Wijma - v.d. Wal

L. de Jong

W. Toering

Samlerskip:

Achterwei 5

Till. 07127 - 1726

KRITYSK BESJOEN

Alderearst tige tank foar alle aardige réaksjes dy 't wy by de rûs krige hawwe. Fansels is der krityk, ek dêrfoar betanke. Mei praten efter jins rêch kin men allinne de ferkearde kant út.

1. Der is krityk op it brûken fan te folle Frysk yn 'e Doarpsomropper, of te min. Elk is frij om te skriuwen sa 't er wol. Der is romte op 'e wrâld foar folken mei hûden yn ferskate kleuren, mei ferskate talen. En dy ôfwikseling is moai en goed. As wy ús taal fersleaukje litte en net fan doel binne om wat te dwaan oan it fuortbestean fan it Frysk, dan is it in saak fan tiid of it Hòllânsk is oan bar om plak te meitsjen foar it Ingelsk. En dat is gjin praatsje fan mysels! Lokkigernôch binne der ek dy 't hoopje op in Fryske kursus fan it hjerst, om 't se it slim fine dat se har eigen taal net goed lêze kin.

It brûken fan wurden dy 't men net alle dagen tsjin komt "samlerskip" y.s.f. "redaksje" b.g., is in saak fan niget en nocht oan taal hawwe.

2. Wytse Toering hat, sa 't er tasein hat, meiholpen om dit blêd op 'e gleeed te krijen. De maitiid is sa moai en dus drok, dat hy wat betider ophâlde wol as de bedoeling wie. No kinne wy ek betider in nije meiwurker sykje dy 't it bûtentsjerklike diel fan Aldegea fertsjintwurdigje wol. Dêrmei komme wy dan in oar kritysk lûd yn 'e mjitte, mar dat wie ek sûnder dy opmerkings wol sa gien.

3. It tredde punt is gjin krityk fan bûtenôf mar ferskil fan miening ûnder ús sels. Ik wol keare, dat wy advertearders fan bûten it doarp krije dy 't ús eigen middenstân bekonkurreart. Dat ferskil fan miening kaam oan 'e oarder doe 't bliken die dat it tal Aldegeaster advertearders dat op in fêste jierbasis advertearje wol, te lyts wie. En dan mankeart in fêste finansiële basis dêr 't dit blêd op bestean moat.

Wy hawwe earst ôfpraat om ôf te wachtsjen oan 'e ein fan dit jier ta om te sjen hoe 't har dit ûntjout. Ek wat it meiwurkjen oan it bringen fan kopy oanbelanget, kin ik jimme net fêst genôch op it hert bine dat jimme it sêls binne dy 't útmeitsje hoe en wat de Doarpsomropper wurde sil. Meitsje der wat moais fan, in blêd dat ynsjoch jout yn oare minsken, ferienings en tsjerken en ek dêrom in gearbinende funksje krije kin.

R. J.-U.

Kopy foar it folgjende nûmer fan de Doarpsomropper foar 18 maaie ynleverje op Achterwei 5.



Ynhâld:

FERIENINGSNIJS:

Op'e Nij Bigoun

Doarpsbelang

Knapen en meisjesvereniging

Chr. Plattel. Vrouwen Bond

Volksdansgroep

Vogelwacht

Damclub

Hout- en bouwbond CNV

SKIEDNIS

IT WITTEN WURDICH

YNSTJOERD

NEISTJOERD

CULTURELE AGENDA

SOCIALE AGENDA



HIMELFEART

Berch fan oliven, berch fan frede,
dû draachst it lêst Gods hilge foet
en fan syn hannen dript genede.

't Is himelfeart, op ierde hjoed.

't Is himelfeart, de nije maaie
rûst troch dyn grien Gethsémané.

De lije foarjierswinen waaie
dyn ripe fruchten rispensree.

O, ingelwachter op 'e moarn,
doch iepen foar de minskesoan.

Ut: Gerben Brouwer,
De weagen oer.

FERIENINGSNIJS

Hoewol 't it hwat let wie dizze kear, hie de toaniel-
foriening "Op 'e Nij Bigoun" dochs noch har ier-
likse útfiering en wol op freed 27 maart 1981.

Dizze kear yn gearwurking mei de muzykforiening
"Apollo-Foarút" fan de Pein/Aldegea. In protte
minsken wiene dy joun yn it Miensker en witte dus
hoe 't de joun forroun is. Wy kinne sizze dat it in
tige slagge joun wie. Fan forskaete kanten hawwe
wy heard dat it goed foldien hat.

Sa soe men sizze kinne dat de thúsbliuwers hwat
mist hawwe. Miskien is dit in oantrún om in oare
kear ek presint to wêzen. Wy hoopje de earstfolgjende
kear net wer yn 'e iere maetiid, mar foar nijjier fan
ús hearre to litten.

"Op 'e Nij Bigoun" Aldegea
Sj. Welling


OAN DE LEDEN FAN DOARPSBELANG

It bestjoer fan Doarpsbelang hat it konsept-karbrief
(statuten) bestudearre. Dit karbrief leit no fan 17
april oant 2 maaie yn it Miensker foar de leden op
besjen.

Op 11 maaie om 8 oere de jûns wurde de leden
útneoge foar in bûtengewoane gearkomst yn it
Miensker mei as wurklist:

- a. it finansieel jierferslach
- b. fêststellen fan it karbrief

Skriuwer B. Jansma



CORSETTERIE

Corsetten en B.H.'s passen
en kopen bij u thuis

Voor deze kostenloze service
kunt u terecht bij:

Mevr. A. ter Wisscha - Bleeker
Sânbuorren 5, Oudega (Small.)
Tel. 05127 - 1950

Gediplomeerd corsetière

Belt u gerust eens vrijblijvend voor een afspraak

Uitsluitend bekende kwaliteitsmerken

OOK
Steunkousen, protheses, ondergoed

K.v.K. nr. 64967



VEEHoudERS VAN OUDEGA KOSTENBEHEERSING?

Veel mechaniseren lijkt fijn,
Voor de winst is het maar schijn,
Laat daarom ook in het komende seizoen,
Uw werkzaamheden door het loonbedrijf doen.

FA. TOERING

staat voor U klaar om voor U o.a.:
**te maaien, voor hooipersen, inkuilen, mest- en gierverspreiden,
kraan- en dumperverhuur, enz.**

Bel vroegtijdig, dit voorkomt teleurstelling.

Oudega
05127 - 1582

Eernewoude
05117 - 9387

Beleefd aanbevolen
Fa. TOERING
Loonbedrijf

WIJ KUNNEN VOOR U:

glas slijpen (ook rondingen), spiegels opnieuw verzilveren (waar het weer in zit), ook ontzilveren van spiegels, kasten logen, alle houtwerk restaureren (ook kronen), houtwerk behandelen tegen boktor en houtworm, meubels bijkleuren, stangen van gietijzeren olielampen lassen, reparaties aan koperwerk en tin uitvoeren, klokken en horloges repareren zowel antiek als nieuw, trouwringen tot herinneringsringen of -hangers vermaken, alle goud- en zilver-reparaties uitvoeren, polijsten, alle onderdelen van olielampen leveren enz. enz.

Servicewerkplaats van antiquairs en juweliers

„De Slag”

Selmien 2 - 9247 TN Oltterterp,
telefoon 05125 - 1695 (Ureterp).

Tussen Drachten en Beetsterzwaag aan de weg
achter de zuivelfabriek (2 km).

Geopend ma. t/m vr. van 9.00 - 12.00 en 13.30 - 18.00
uur, zat. van 9.00 - 17.00 uur.
's Avonds na telefonische afspraak.

KNAPEN EN MEISJESVERENIGING

van 12 tot en met 15 jaar.

We hebben het jaarfeest gehouden op 10 april. We zongen eerst een gezang. De voorzitter van de oudercommissie Auke de Boer ging ons voor in gebed. Daarna heette hij allen hartelijk welkom. Het jaaroverzicht werd gedaan door de jeugd. Inleiding door één van de meisjes. Daarna volgden nog een paar stukjes. In de pauze hadden we een verloting en stemmen. Na de pauze weer wat zingen en stukjes opgevoerd. Het was een geslaagde avond. Wietske Jongsma - de Jong ging ons verlaten en daar is Froukje Elzinga - Vonk voor in de plaats gekomen. Sierd de Vries, Betty Tasma, Liesbeth Boersma en Liekele Hospes houden er mee op. Voor Betty Tasma is Riemkje de Jong, voor Liesbeth Boersma is Sjoukje Oosterhoff en Mieke Vaatstra gekomen. Voor de leiders hebben we nog geen.

De leiders en leidsters

Christelijke Plattelands Vrouwen Bond

Onze Christelijke Plattelands Vrouwen Bond hield 7 april haar laatste vergadering van dit seizoen. De presidente heette ons allen hartelijk welkom. In het bijzonder de vele gasten en meneer Blom uit Drachten met zijn medewerkers, die voor ons een modeshow zouden verzorgen. Na een korte Paasliturgie kreeg meneer Blom de gelegenheid om een kleine inleiding te geven. Hierna showden er 5 dames in verschillende leeftijden en maten. Er was veel keuze op het gebied van rok, blouse en kort jasje. Ook is er veel te combineren, met verschillende dingen. Vooral als het van het zelfde merk is. Ook kwam de jeugd goed aan haar trekken. Er waren veel broeken en leuke T-shirts. In de pauze kregen de meeste dames een mooie roos aangeboden door Modehuis Blom. Helaas waren er niet genoeg rozen, omdat er plm. 200 dames waren en daar had Modehuis Blom niet op gerekend. Na de pauze kregen we nog meer mooie kleren te zien. B.v. een mooie japon met jasje voor oudere dames en de folkloristische mode, die goed bij de jongeren aanslaat. Het was een mooie show, waar veel werk van was gemaakt. De presidente bedankte meneer Blom en zijn medewerkers voor het getoonde en werden toen in de bloemetjes gezet. Ook kreeg onze organiste mevrouw Jongsma - de Jong nog een bloemetje aangeboden en bedankte de presidente haar voor de begeleiding. Na het zingen en gebed wenste de presidente ons een "welthuis" toe.

alg. adj. Tj. T. - H.

VOLKSDANSGROEP

In een vorige "Doarpsomropper" vond U een stukje over de volksdansgroep voor ouderen. Maar, zoals U waarschijnlijk al hebt opgemerkt: we hebben hier twee dansgroepen. De heer Aardema leidt namelijk ook nog een groep van meer gevarieerde leeftijd. Deze bestaat nu ongeveer drie jaar. In het begin hebben we nogal wat wisseling van leden gehad, maar nu is de groep aardig stabiel. Dat wil overigens niet zeggen, dat we er niet nog wat enthousiaste dames bij kunnen gebruiken.

We hebben meegewerkt aan verschillende activiteiten in Oudega. Maar ook daar buiten hebben we prettige contacten gemaakt, bijvoorbeeld met de volksdansgroep uit Terhorne. Wij hebben daar verscheidene keren opgetreden en de groep is ook hier als gast geweest. Er staan voor de komende maanden weer heel wat activiteiten op ons program. Onder de kundige leiding van de heer Aardema hopen we nog menig gezellig uurtje te beleven. Nieuwe leden zijn van harte welkom; ze kunnen zich opgeven bij:

Mevr. A. v.d. Lei	tel. 1278
Mevr. D. Douma	tel. 1724
Mevr. L. v.d. Horst	tel. 1667

Kom op dames, het is een fijne ontspanning.

L. v.d. Horst


TESTAMINTSJE

It lêste diel fan 'e ynlieding fan notaris Mulder yn 'e gearkomst fan it Doarpsbelang op 9-2-1981.

De ynhâld fan in testamint is frij en kin gear oer wa 't it goed en jild hawwe moat en oer de fâdij oer de bern. Punten fan belang foar de ynhâld fan in testamint binne:

1. Wissichheid foar de langstlibbende partner
2. Wissichheid dat saak of bedriuw trochgean kin.
3. Wissichheid dat de bern by einsluten har part krije.

Begelyks:



A en B binne troude yn mienskip fan goed. A stjert, B trout op 'e nij yn mienskip fan goed mei C. Stjert B no ek, dan krije de twa bern elk 1/6 part fan wat it nije pear oan goed hie. A hie syn bern in deugd dien troch foar syn stjerren jild en goed troch in testamint te regeljen.

4. Sa min mooglik suksesjerjocht betelje
 - a. Der wurdt sa testaminte sa 't de langst-libjende alle goed krijt. Dy betellet suksesjerjocht.
 - b. Better is meastentiids de partner it rjocht te jaan op it fruchtgebrûk fan hûs of eigendom. De bern wurde dan eigner en betelje suksesjerjocht. Stjert de langst-libjende dan, dan hoecht net wer suksesjerjocht betelle te wurden.

By dizze foarm krijt de widdo of widner b.g.:

- syn of har part fan it erfskip
 - it fruchtgebrûk fan it wenhûs
- en krije de bern:
- de "bleate eigendom" fan it wenhûs
 - harren part fan it erfskip

By in erfskip wêr 't de skulden it goed oertrefte, kin men it erfskip wegerje ("verwerpen"). De rest fan de famylje wurdt dan oansprutsen, in slim djoere prosedure.

Ek kin men it erfskip oannimme ûnder betingst fan beskriuwing fan 'e boel. As dan de skulden it goed oertrefte wurdt de famylje net mei dit negative saldo opknapt.

Fruchtgebrûk foar de langst-libjende hat syn doel by de foarmen 1 en 4.

De boppesteande foarmen binne allinne in pear foar de hân lizzende foarbylden fan testamintsjen. Op bysûndere sitewaasjes binne folle mear foarmen fan testamintsje mooglik.


Ut it ferhaal fan notaris Mulder waard ús wol klear dat in protte minsken wiis dwaan soene om wol te testamintsjen. Om de priis, meastentiids minder as f 200,-, hoecht it net oer te gean.

Skriuwer B. Jansma



Koartlyn hat de Griffermearde synode in boekje útjûn oer it gesach fan 'e bibel. Op fersiik sille ds. Hamoen en ds. Nolles dêr yn 'e Doarpsomropper útlis oer jaan en alle moannen in stikje ynleverje. Yn maaie komme hja byinoar om har dêroer te berieden.

R. J.-U.



Autohandel - Spuitinrichting Schadereparatie

NU OOK DIESELOLIE VERKRIJGBAAR.

AUKE DE VRIES - GARAGEBEDRIJF


Gariperwei 2, Oudega Small. - telefoon 05127 - 1777



VOGELWACHT OUDEGA e.o.

Het is 12 april geweest, dus het eierzoecken zit er weer op. Ik hoop, dat veel mensen er weer plezier van hebben gehad. Nu gaat het er voor ons om spannen, om zoveel mogelijk legsels van onze weidevogels te sparen. Ik hoop dan ook, dat alle eierzoeckers hier zoveel mogelijk aan mee zullen helpen. Hierover zult u later wel meer lezen.

De ooievaars, waarover ik zou schrijven, komen nu eerst aan Eind maart twee broedvrijheid Dit slaagde zo best, van de hadden we maar de de drempel Eindelijk van de de stoute aan en lucht in; hebben we weer




de beurt. hebben we paren de gegeven. eerst niet de deuren kooien open gezet, stap over bleef uit. trok één vogels schoenen ging de deze nooit gezien.

Later volgden er nog drie, waarvan er nu één doel-loos rond stapt. Het andere paar doet het beter. Na eerst wat nesten in de buurt te hebben bekeken, vestigden ze zich op één hiervan. Er werd genesteld; en gepaard en zoals het nu lijkt ligt er al een ei in het nest. Onze hoop is, dat hiervan de eerste jongen zullen uitvliegen. U blijft op de hoogte. De mensen, die op het Roundeel/Langdeel en het West wonen, kunnen eerstdaags nog iemand aan de deur verwachten die komt vragen of ze donateur van dit Eibertshiem willen worden.

Nou nog iets anders. Op 9-4-81 stond er een stukje in Bijtijds van een zekere mijnheer de Boer, die jonge kievitjes wil uitbroeden onder kippen, om ze daarna uit te zetten in het vrije veld. Ik hoop voor De Boer dat hij ook tegelijk oude kieviten uit laat broeden, want anders lijkt het mij voor de jongen 's nachts behoorlijk koud. Kieviten houden hun jongen als het koud is, net als kippen, onder hun vleugels. Dit laten uitbroeden is wel eens vaker geprobeerd, maar steeds op niets uitgelopen. Hierbij laat ik het. Wij, als vogelwachters, hopen, dat we met elkaar een mooie zomer zullen krijgen met veel jonge vogels.

Mocht u gaan wandelen met de hond, hou hem in het veld zo veel mogelijk aan de lijn. Beter ook eens, wat uw poes als u hem 's nachts uit laat, voor schade aan onze zangvogels kan toebrengen.

Nog één kort zult merken vogelwacht eksters achter de zitten. Dit echt niet plezier, is nood-Rondom zijn meer honderd eksternesten. komen vijf tot soms meer. natuurlijke de ekster meer is, wel, zij ingrijpen. Tot de volgende keer.



ding, binnen- u misschien dat de de weer wat broek zal doen we met veel maar het zakelijk. Oudega dan twee-bewoonde Hieruit gemiddeld zes jongen, Omdat de vijand van er niet moeten wij het beperkt,

De voorzitter,
K. Welling

Koninginnedag

30 april

en

Bevrijdingsdag


5 mei

zijn de kantoren
gesloten
van



drukkerij s.o.d. h.v.

BUORREN 11, OUDEGA (Small.)

D
A
M
C
L
U
BO
U
D
E
G
A

In Groep I heeft L. Houwink verloren van de plotseling sterk spelende G. Tjeerdsma. Harm Jonker won van J. Jansma en door dat L. Houwink verloor is Harm nu kampioen van Groep I.

Stand Groep I:

1. H. Jonker	14	-	19
2. W. Wijma	14	-	17
3. L. Houwink	13	-	16
4. F. Kooi	13	-	16
5. J. Bruining	14	-	14
6. G. Tjeerdsma	13	-	13
7. U. Tjeerdsma	14	-	13
8. O. Kooi	11	-	12
9. J. Jansma	13	-	12
10. H. Jonker	11	-	11
11. S. de Graaf	13	-	11
12. S. Jonker	12	-	9
13. D. Tjeerdsma	12	-	9
14. H.W. Jonker	10	-	8
15. K. de Vries	11	-	8

In Groep II is Johannes de Graaf onbetwist de dam-specialist met 17 wedstrijden en 33 punten, dus in totaal 1 verliespunt. Wie de tweede en de derde plaats gaat bemachtigen valt nog niet te zeggen, omdat de meesten nog te veel wedstrijden moeten spelen.

Stand Groep II:

1. Joh. de Graaf	17	-	33
2. B. Klijnstra	19	-	20
3. S. Siebenga	16	-	19
4. O. Roukens	15	-	16
5. G. de Vries	11	-	14
6. Gr. Wijma	19	-	14
7. D. Jonker	15	-	13
8. I. Jonkhof	15	-	12
9. Sj. Reitsma	15	-	12
10. D. v.d. Mei	14	-	11
11. Cath. Bouma	15	-	10
12. Kl. Jacobi	11	-	8

De junioren hebben in Sneek om het kampioenschap van Friesland tegen Grouw gespeeld. Deze partij mochten ze niet verliezen met 4 - 6, zoals reeds eerder was vermeld. Ze mochten wel 5 - 5 spelen. Helaas kozen ze voor het eerste. Toen werd er een beslissingswedstrijd gespeeld, maar helaas verloren ze wederom met 4 - 6.

Eindstand:

1. Grouw	12
2. Oudega	10
3. Nagele	8
4. Oranjewoud	7
5. Suameer	4
6. Warga	3
7. Sneek	0

Op 11 april zijn in Deventer de kwartfinales van het schooldamkampioenschap van Nederland voor lagere scholen gespeeld. Oudega behaalde een vierde plaats en de Polstok uit Drachten werd derde.

Eindstand:

1. Sloten	8
2. Nieuwland	8
3. Polstok	8
4. Oudega	4
5. Usquert	2
6. Bedum	0

(Voorste rij cijfers is aantal gespeelde wedstrijden, tweede rij het aantal behaalde punten).

VOORJAARSAANBIEDING

1.

Nylon tapijt, prima kwaliteit
geschikt voor slaapkamer,
400 cm breed, gratis gelegd f 59,95.

2.

Van 1 tot 15 mei bij aankoop van een
KLM-overal f 2,50 reductie.

3.

Bij aankoop van een bed,
matrasdek gratis.

4.

Dacron hoofdkussens
(stofvrij) f 19,95
2 stuks voor f 37,50.

**KOOISTRA'S
TEXTIEL**

Buorren 22

TEL. 1258

OUDEGA (SM)



de
echte
grienteman!

It adres foar
1e klas
ierpels - grienten - fruit
en
libbensmiddels

Wy hawwe wer rûme kar

En wolle Jo in moaie fruitskaal wei jaan?
Jo sizze it - of skilje ús mar

FOLKERT DE HAAN
Tel. 05127 - 1414

HOUT- EN BOUWBOND CNV

BEKENDMAKING
Soc. Fonds Bouwnijverheid

De aanbieding van de zegelboekjes voor de zomer-
vakantie vindt plaats op zaterdag 9 mei van
13.00 uur t/m 17.00 uur bij
Alle Schonenburg, Jachtweide 15 te Oudega

Hout- en Bouwbond C.N.V., afd. Oudega

AS JO ÚS KWALITEIT IEN KEAR KINNE
IS DER GJIN BETTER, SA FIER KIN JO NET RINNE
DUS FOAR WAT APARTS OF FOAR IT GEWOANE
KOMME JO BY ÚS TELÂNE
ALLES KIN WY THÚS NOCH SLACHTSJE
EN DE KWALITEIT IS SA'T JO'T FERWACHTSJE
FOAR HÚSSLACHTING EN AL WAT MEAR
KOM NEI ALDEGEA
EN WY MEITSJE IT FOAR JO KLEAR
WANT IT IS KREKT SA'T DE MEASTEN SIZZE:

foar wat goeds,
moatte jo nei Oeds ...

Slachterij
Oeds Pietersma

Sânbuorren 19 - Aldegea

Telefoan 05127 - 1241

CAFE - BAR - SLIJTERIJ

„DE HERBERGH“



Voor een
- koel glas bier
- een fijne borrel

De gehele week geopend vanaf 10 uur
(woensdags gesloten tot 's avonds 8 uur)
Div. soepen, uitsmijters en warme snacks
Als vanouds het stamcafé waar u rustig
een kaartje kunt leggen

Buorren 11a, Oudega (Small.)
Tel. 05127 - 1644
Tot ziens bij Joop en Nel

SKIEDNIS

Mear wite fan eigen krite.

BAUKJE HOEKSTRA 1854 - 1935

Jehannes Eades Hoekstra en Gepke Meinderts Deelstra krigen yn 1854 in lytse poppe, in famke, dat hja Baukje neamden. Neffens de trant fan dy tiid krige it berntsje al ridlikgau in flainamme: BAAIE. Sokke flainammen hawwe eins har ûntstean te tankjen oan bernehealpraat en bernegebrabbel. Wy hiene en hawwe mear fan dy nammen: Froukje: Poai (klam op de a); Grytsje: Kike; Katharina: Tryntsje: Nynke; Sybren: Pibe; Rinse: Kinge; Gerryt: Kei. Guon fan dy nammen fûnen de minsken moaier as de nammen dêr 't hja út ûntstiene en dy binne doe ek "offisjeel" wurden: Pibe, Nynke.



De lytse Baukje fan Jehannes en Gepke waard yn Aldegea altyd Baaie neamd, har hiele libben lang. Lytse Baaie har heit en mem wiene yn Aldegea kastlein en kastleinske, hja hiene dus in herberge, dy herberge stiet der nammers noch: Buorren, nrs. 12 en 14, Wierd en Meiny Hoekstra/Woudsma wenje no yn in part der fan. Wol aardich oars, dat der no, sa 'n 45 jier nei Baaie har ferstjerren wer in Hoekstra yn 'e âld herberge wennet. It part, dat de Hoek-

stra 's no bewenje, wie eartiids de jachtweide, de taapkeamer, it oare diel wie wente.

Jehannes en Gepke hiene dus in herberge, mar hja hiene mear izers yn 't fjoer, hja hiene ek noch in houthanneltsje, efterhûs wie in houtsjekapperij; beamstamkes waarden tekapt ta talhout, dat yn bondeltsjes bûn ferkocht waard as kacheloanmak-hout, almeast nei de stêden ta. Boppedat hearde der ek noch wat buorkerij by de herberch.

Dy lytse Baukje, dy 't yn 1854 te wrâld kaam, is letter kastleinske wurden yn har heit-en-dy 's herberch, in kastleinske, dat fier bûten har wenplak ferneamd wie. It hat moai wis net de bedoeling west, dat Baaie kastleinske wurde soe, mar it rint yn in minskelibben gauris oars as men tinkt en wol en sa is it yn Baaie 's libben nei alle gedachten ek gien. Baaie hie ommers, de âldere Aldegeasters witte dat noch skoan, in soan. Dat berntsje hat Baaie op 25 septimber 1881 te wrâld brocht en hja hat it neamd nei har heit, Jehannes. Mar..... der wie foar dat jonkje net in heit, dêr 't Baaie mei boaskje koe. En der is, wat de heit fan it jonkje oanbelanget in swierrichheid, ik haw der twa ferklearrings fan heard yn it doarp.

Baaie soe as jong frommes ferkearing hân ha mei in boeresoan. It wie tige sib spul mei dy twa en hja soene trouwe. In skoftsje foar de boask krige de jongeman in slim ûngemak mei de hynders, sa slim, dat hy is der oan stoarn: Dat wie in hiele slach foar Baaie; in slach, dy 't nammerste fûlder oan kaam, om 't Baaie op dat stuit wol wist, dat hja fan 'e baan moast. Letter, nei de beïerdiging fan har breugeman, brocht Baaie doe har berntsje te wrâld.

It soene, sa waard my ferteld, foaral Baaie har mem en dy har âldere suster Attsje (troud mei Adolf Jans Mulder) west hawwe, dy 't it ferhaal oer de ferûngelokke boeresoan yn 'e wrâld brocht hawwe. Dy twa susters wennen ommers ek deun by elkoar en hiene gelegenheid genôch om te mûskopjen. Namme en wenplak fan de boeresoan binnen net bekend.

De twadde lêzing oer Baaie har soan. De lêzers fan De Doarpsomropper sille moai wis noch wol witte, dat der ferline simmer yn 'e Drachtster krante stikjes stien hawwe fan en oer de lapkepoep Schöne (útsprekke: Sjeune), oer wat er belibbe hat yn 'e Wâlddoarpen, dy 't er mei it pak op 'e rêch ofreizge. Ut in ynljedend praatsje boppe dy ferhaaltsjes waarden wy wiis, dat de lapkepoepen by de boeren lâns reizgen, mar ek wol yn in herberchkeamer har spullen útstalden. Dêr koene de doarpslju dan komme en sykje út wat har gading wie. De kastlein soarge dan, dat de keapman syn wiet en droech en in sliepstee krige. De lapkepoep Ferdinand Schöne kaam ek yn Aldegea mei syn hannel en hie dêr dan syn thús yn 'e herberge fan Jehannes Eades.

De keapman moat yn alle gefallen yn Aldegea west hawwe yn it lêst fan 1880. Baaie fan Jehannes en Gepke wie doe in jong frommes fan 26 jier, Ferdinand Schöne wie doe 27. Jonge, sûne, waarmbloedige minsken, allebeide, en hja sille wolris wat oan it malfarjen en oan it gekheidmeitsjen west ha, dêr yn 'e âld herberch. Ja, gekheid is gekheid, mat fjoer

yn 'e broek is gjin gekheid. Baaie skode by de keapman tusken de lekkens of de keapman by Baaie, de gelegenheid dêrta wie der. Seit in âlde wiisheid net, dat in minske in dief wurde kin as de gelegenheid har mar foardocht? En it is moai wis ek net by ien kear bleaun; om dat te bewizen kin ik in oare âlde wiisheid fan stâl helje: elk skot is gjin einfûgel. Mar by eintsjebeslút moast Baaie dan dochts fan 'e keapman yn 'e kream.

Op 25 septimber 1881 waard Jehannes berne, ha wy niis al sjoen. As wy fan dy datum ôf begjinne te rekkenjen, dan docht it bliken, dat de konsepsje pleats hân hat yn desimber 1880. Yn dy moanne moat Schöne mei syn hannel yn Aldegea west hawwe.

Trouwen koe neat fan komme, de lapkekeapman wie al trouw en boppedat roomsk. In slim gefal foar Baaie. It ferklearret wol, wêrom 't Baaie nea trouw west hat: in frommes mei in lape op 'e rôk krige dêr yn dy tiid suver gjin kâns ta.

Twa ferklearrings dus foar it feit dat Baaie in soan hie. Mei troch sy soan is it grif kommen, dat Baaie kastleinske wurden is. In baas kastleinske is hja wurden.

(Letter noch wat oer Baaie).

L. d. J.

KOOS BAKKER'S

KLEERMAKERIJ

DRACHTEN

Ook het adres voor al uw
ruiterkleding en toebehoren
van het wereldmerk "PIKEUR"

Moleneind 44, tegenover Elmar

Tel. 05120 - 31533

b.g.g. 05120 - 12516

Stoppage verzorgen wij ook voor u.



esa travel counter

**BUORREN 11
OUDEGA SMALL.
TEL. 05127 - 1755***

**vliegzeizen
cruises
safari's
expedities
scheepspassages
groepszeizen**

**chalets
touringcarzeizen
treinzeizen
wereldvliegzeizen
wintersport
bejaardenzeizen**

BOEKJE GRIFFERMEARDE TSJERKE

Ferline simmer hat de herfoarme tsjerke in boekje útjûn en fan 't foarjier kaam de griffermearde mei in útjefte. Ek dit lêste boekje is goed fersoarge de wrâld ynstjoerd. Gearstallers en printer hawwe flyt dien om der wat moais fan te meitsjen. Wol 26 foto's binne der yn ôfprinte. Wy meie der wiis mei wêze en men soe winskje, dat beide boekjes troch in protte Aldegeasters oantúgd wurde, en dat sil wol, want de measte minsken binne ornaris tige nijs-gjirrich nei skiednis, nei wat it foarteam dien hat. No ha wy fan beide tsjerken in stikje skreaune skiednis; faaks komt der letter mear, want beide boekjes jouwe noch mar in priuwke fansels.

It boekje fan 'e griff. tsjerke lit ús yn it ûnwisse oer it krekte jier fan it ûntstean fan dy tsjerke: is it no 1836 of 1841? En wy hiene graach wat hearre wollen oer it wêrom fan dat ûntstean. In gemeente ûntstiet samar net fan 'e iene dei op 'e oare, dêr sil grif hiel wat oan foarôf gien wêze. Wat dêr oan foarôf gien is komme wy spitigernôch net te witten. En dan is it boekje, nei myn smaak, ek tefolle in domenyboekje wurden. Nei in ienlieding fan sa 'n sidemannich rekket de gemeente op 'e eftergrûn en komme de domeny 's nei foaren. In tsjerke hat boeken, skreaune boeken, en dêr binne de lekken en brekken fan 'e minsken, dy 't meiinoar de gemeente foarmje yn opskreaun. Mar spitigernôch hearre wy oer dy minsken mar och sa 'n bytsje. It is krekt as skrilje de gearstallers derfoar tebek. Mar faaks hearre wy dat ek nochris, want sa 'n boekje fergat eins op in ferfolch.

L. de J.

Titel boekje: Ter herinnering aan de verbouw van de gereformeerde kerk te Oudega (Sm.) anno 1981.



Foto fan learlingen en learkrêften fan de Iepenbiere legere skoalle út 1906 of 1907.

Op 'e FOARSTE RIGE sitte (fan lofts nei rjochts): Henricus Duursma; Anna G. Riemersma; Siemkje G. Riemersma; Jeltje H. Mulder; Geertje Bouma; Geeske D. Rinsma; Berend B. v/d Wal; Hendrik M. v/d Zee; Louis F. Wiersma; Alle K. Welling; Reinder F. Wiersma.

TWADDE RIGE: Sytze Duursma; Jacob Duursma; Ijje G. Riemersma; Wietze H. Mulder; (Sijmen Bouma); Lieuwe Bouma; Engbert Welling; Jan Duursma; Kees Bouma; Tjitte de Vries; Sietze B. v/d Wal. TREDDE RIGE: Bernardus H. Douma; Janke G. Riemersma; Minke Tijema; Attje H. Mulder; Baukje

Bouma; Aukje G. Riemersma; Joukje K. Welling; Dettje H. de Vries; Afke Bouma; Rinskje H. de Vries. FJIRDE RIGE: Hendrik H. Douma; Anne Duursma; Johannes D. Rinsma; Adolf H. Mulder; Wolter M. Sibma; Arjen D. Rinsma; Jan K. Welling. Hielendal lofts stiet juffer Keuning, rjochts master Duursma.

Wy binne net hielendal wis fan it jiertal, oft de foto fan 1906 of fan 1907 is. Binne der lêzers dy 't ús oan it kreative jiertal helpe kinne?

Wy binne fan doel om skielk ris wer sa 'n moaie âlde foto yn 'e Doarpsomropper ôf te printsjen. As dêr lêzers binne, dy 't âlde, dúdlike foto 's hawwe, soene dy it ús witte litte wolle?



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID
van OUDEGA met een
nog echt open vuur.
Tel. 05127 - 1536

A.J. WELLING
BUORREN 18
OUDEGA

Gorredijk en de Turf-Route

*Door Turfvaart af en aan,
Kon Gorredijk ontstaan
Als dorp met eigen aard.
'n Bezoek ten volle waard!*

Gorredijk heeft zijn ontstaan te danken aan een vaart: de Opsterlandse Compagnonsvaart. Die is waarschijnlijk tussen de jaren 1624 en 1629 gegraven. Dat gebeurde in opdracht van de Leeuwarder patriciërs Watse Eelkes, Wabbe Wisses en Douwe Nijenhuis. Deze drie heren hadden in 1598 tot 1600 vrij grote hoeveelheden veen aangekocht uit de nalatenschap van het echtpaar Burmania-Van Brakel.

Dat veen lag in Lippenhuizen, Kortezwaag en Terwispel. Het was aangekocht om er turf van te maken. Erg belangrijk, om niet te zeggen een 'must', was vervolgens een vaarroute, om de turf naar elders af te voeren.

De Burmania's hadden ook al wel een kleine vaart of wijk (grift) gegraven, die in oude stukken 'uitgaande sloot' wordt genoemd. Maar deze vaarweg, welke de Hereweg nu ter hoogte van Kingma's bank passeerde- circa 200 meter zuidwestelijk van de Hoofdbrug- was voor de heren Compagnons niet goed bruikbaar, vanwege hun veel grotere opzet.

De grift was vrij smal, en mee door verzanding, nogal ondiep. Er kon alleen met pramen en bokken: zogenaamde 'Knypster skûtsjes' in worden gevaren. Bovendien moest de turf bij de Hereweg worden overgeslagen. Er bevonden zich daar wel twee sluisjes, maar doorvaart was niet mogelijk.

Vandaar dat Eelkes en de zijnen een geheel nieuwe, bredere vaart wilden graven, maar.....dat had veel voeten in de aarde. Ze kregen in 1606 van de Gedeputeerde Staten van Friesland wel vergunning de rijweg op Hereweg te doorgraven, maar vanuit het lage midden- Friesland volgden er zoveel protesten- men was bang voor overlast door het water van de hoge venen- dat de vergunning in 1610 werd ingetrokken.

Uiteindelijk zagen de Leeuwarder heren het niet meer zitten en verkochten in 1629 en 1631 hun venen aan Tiberius Oenema en Anne Wijckel. Die kregen binnen de kortst mogelijke tijd wel toestemming voor het doorgraven van de vaart.

Men neemt aan, dat dit in 1631 een feit werd. Dát jaar wordt aangenomen als het geboortjaar van Gorredijk. Het dorp, waar u zich nu bevindt, viert dus in 1981 zijn driehonderdvijftigjarig bestaan.

Veel schippers

Toen de sluis (vallaat) er eenmaal was, de Hereweg doorgraven en er een brug overheen was gebouwd, was de verdere ontwikkeling van Gorredijk niet meer tegen

te houden, alleen..... de naam Gorredijk verschijnt pas voor het eerst omstreeks 1650 in de stukken. De eerste huizen, sommige met rode dakpannen, worden ter weerszijden van de brug gebouwd met de gevel naar de Hereweg (Hoofdstraat) gericht. Ze worden bewoond door mensen, die op een of andere wijze wat hebben uit te staan met de scheepvaart.

Er verrijst een winkel, een brouwerij en een bakkerij. Op dezelfde plaats, waar nu het eethuisje 'De Vergulde Turf' gevestigd is, heeft een van de eerste huizen van Gorredijk gestaan. Er was lange jaren een bakkerij in gevestigd. In een wat latere fase zijn er ook huizen ter weerszijden van de vaart langs de wallen gebouwd: de Langewal, de Kerkewal, de Molenwal en de Brouwerswal, die zo'n 150 jaar geleden nog Hellingwal genoemd werd.

Gorredijk kreeg gaandeweg die typische kruisvorm van een veenkolonie, met de langste woonbuurten langs de vaart en de kortere langs de Hereweg. In 1663 al woont in onze plaats schuitemaker Aitte Hansen; in 1663 heeft ook een schoolmeester er zijn domicilie. In 1683 wordt de Nederlandse Hervormde kerk gebouwd. Hij staat een beetje achteraf aan de Kerkewal, maar zal de meeste pleziervaarders toch niet zijn ontgaan.

Daarvóór werden er al godsdienstoefeningen gehouden in 'het pand vlak tegenover 'De Vergulde Turf', het vroegere postkantoor. Het aantal schepen, dat de sluis passeerde werd van jaar tot jaar groter. Omstreeks 1750 wonen er in Gorredijk 32 schuitemeesters en veerschippers en zijn er 3 sloopstimmerwerven. Een eeuw


later zijn er nog slechts 2, maar in 1857 passeren er toch maar even 12.435 schepen.

Omstreeks de jaren twintig is het verval duidelijk, in 1920 zijn er nog maar 7518 oftewel gemiddeld 150 per week. Als het wegverkeer op gang komt, versnelt de aftakeling. In de jaren dertig daalt het aantal passages tot onder de 300. In de oorlog volgt er nog even een opleving tot bijna 400; in de zestiger jaren is het cijfer gedaald tot 200.

De veenkolonies Drachten en Noordwolve dempen hun vaart. Dat gaat ten koste van het specifieke dorpsbeeld.

Ook in Gorredijk gaan er stemmen op voor meer parkeerruimte, maar.....de vaart wordt hier niet gedempt. Vooral door ijveren van pater Van Ulden krijgt de Compagnonsvaart een nieuwe functie namelijk: ten dienste staan van de pleziervaart. Deze maakt dankbaar gebruik van dit decoratieve alternatief. De Turfroute wordt een begrip voor de bootbezitters, die wat uitgekeken zijn geraakt op de wijde meren. Ze ervaren de bospartijen in Lippenhuizen en Hemrik over het algemeen als zeer weldadig.

Maar niet nadat ze, komende van de noordwestkant, zich even in 'De Vergulde Turf' de specialiteit pannenkoeken goed hebben laten smaken of nieuwe krachten hebben opgedaan bij een kopje koffie. Waar die turf van 350 jaar geleden al niet allemaal toe leiden kan.....



"STREEKPLAN FRIESLAND"

Okkerwyks hat der yn 'e Fryske lânboublêden in rige artikels stien oer it "Voorontwerp Streekplan Friesland". Der is no fan dy rige in boekje makke. Wa 't nijsgjirrich is nei de ynhâld derfan, kin it krije as er seis gûne stjoert nei it AGRIF te Ljouwert (bankrekkennûmer 29.60.33.642).

Men wurdt der út wiis wat no eigentlik in streekplan is en men kin der yn lêze oer it groeien fan stêden en doarpen en oer ferkear en ferfier. En oer de natuergebieten yn ús provinsje. De omkriten fan ús doarp wurde der ek yn neamd. Neffens de tekst fan it Streekplan lizze dêr in tal somplannen, dy 't troch reservaatfoarming al feilich steld binne. Dy somplannen hawwe al in natuerfunksje.

De plannen foar in ferdivedaasjeprojekt by Earne-wâld (It Wiid) soene, neffens it Streekplan, wolris net folle fierder mear útfierd wurde kinne.

L. de J.

"DATABANK"

In modern wurd, dat hjir boppe stiet, mar men heart it wat langer wat mear. It betsjut: in ynformatyf systeem, dêr 't ynljochtings yn sammele binne om brûkt te wurden troch partikulieren of sakelju of oerheid. It is wol in wat "swier" wurd om ús bedoelings wer te jaan, dat jouwe wy fuortdaliks ta. Wy tinke, dat it in goed ding foar it ferieningslibben yn ús doarp wêze soe, as der in sintraal plak yn Aldegea komme soe, dêr 't alle data fan alle gearkomsten fan alle ferienings bekend wêze soene en publisearre wurde koene. Soks soe tefoaren komme kinne, dat der twa of mear gearkomsten op ien en deselde jûn hâlden wurde. In soad Aldegeasters binne lid fan twa of mear ferienings en sille, as se meilibjende leden binne, de gearkomsten ek graach besykje wolle. Wy wolle fan de Doarpsomropper graach dat boppe-neamde sintrale punt meitsje.

As alle ferienings ús har gearkomstdata te witten dogge, dan sille wy dy bekend meitsje yn de Doarpsomropper. De iene hân moat ommers de oare waskje, n 't wier?

De samlers

WIJ
S L I J P E N
VAKKUNDIG EN VOORDELIG

Heggescharen

Huishoudscharen

Snoeischaren

Messen, ook met kartel

Veescheermessen

Schaatsen

Zagen en beitels

Motormaaiers, ook reparatie

Handmaaiers

Motorzaagkettingen

TEVENS VOOR AL UW REPARATIEWERK

H. VEENSTRA
Sânbuorren 15
Oudega (Sm)

Werkplaats:
Achterwei 39
Tel. 05127 - 1994



drukkerij s.o.d. b.v.

Buorren 11, Oudega (Sm.), tel. 05127-1755

PRINTERIJ DE GROOT

Wa 't de lêste dagen wolris de Achterwei delkommen is, hat grif wol sjoen, dat de printerij fan De Groot sletten is op 't heden. Dat wol dus sizze, dat dêr gjin printwurk mear makke wurdt.

De Groot, ek de printer fan De Doarpsomropper, sa 't elkenien wol witte sil, hat in oare printerij yn Drachten kocht oan De Giek, in grutteren.

Bauke H. de Vries wurket dêr al, dêrfandinne dus, dat de printerij oan 'e Achterwei ticht sit.

Mar it kantoor bliuwt yn 'e Aldegeaster buorren en alle printwurk kin dêr hinne brocht wurde en wurdt dêr set. Foar Aldegea feroaret der dus neat. Ek it útsjoerburo bliuwt yn it kantoor yn 'e Buorren.

Mei de tiid komt der yn it gebou oan 'e Achterwei in ûntwerpburo foar reklame mei in hurdprinter foar lytsere oplagen.

L. de J.



De fries-kalvinisten, hja galmje:
"Er staat geschreven, er is geschied!"
Mar wat der skreaun, wat der bard is
Yn Fryslân - komselden ien, dy 't it wyt.

Yke R. Boonstra.

R I J L E S ? ? ? ? ? ?

heeft u moeilijkheden met schakelen ? ? ?
of wilt u SNELLER uw rijbewijs ? ? ?

behalve schakelauto's hebben wij nu ook
een

AUTOMAAT!!!!

Autorijschool W. PIJL, Ureterp
Foareker 27 tel. 05125 - 2151

Gedipl. instructeurs:

Wiebren Pijl	Ureterp	05125 - 2151
Niek Zwart	Surhuisterveen	05124 - 3144
Piet Aans	Hemrik	05166 - 497

en voor **OUDEGA e.o.:**

Geert v/d Klijn	Drachten	05120 - 15210
------------------------	-----------------	----------------------

onze **GARANTIE:**
een doelgerichte en verantwoorde rij-opleiding

nu nog Opel Ascona binnenkort
B.M.W. en Renault !!!

In fraachpetear mei T. Alkema, skriuwer fan 'e "Marrekrite".

De "Marrekrite" is in rekreaasjeskip mei mar in bytsje foech. It jild komt fan 'e provinsje en de gemeenten yn 'e ferhâlding fan 1 : 3.

De koördinaasje fan saken fan algemien belang tusken provinsje en gemeente heart ta de saken fan 'e Marrekrite.

It keapjen fan stikken wâlkant, reit en beskoeing is in twadde taak. Meiinoar hat it bestjoer 200 gebieten kocht, oanlisplakken foar sa 'n 5000 boaten. Yn 1980 -1981 is der allinne om Aldegea en Earne-wâld hinne foar ien miljoen útbesteld foar beskoeing en oanlisplakken. Om juli hinne leit dat alles der wer poerbêst hinne. Troch it ferbod net langer as trije dagen op itselde plak lizzen te bliuwen, wol de Marrekrite it trochstreamen fan 'e fakânsjegongers befoarderjen. Lykas it net-fernielen fan 'e reitkragen is dit in saak fan selsdisipline.

It op inoar ôfstimmen fan 'e iepeningstiden fan 'e brêgen op snein- en feestdagen yn trochgeande wetters is in tredde taak.

In hastige trochfeart ûnder brêgen troch keatlings en de lytse steigers der foar, binne ek útgien fan 'e Marrekrite. En net te ferjitten it útbaggerjen, dus iepen hâlden fan sa folle mooglik farwetters, in kostbere saak.

